

LINEPRAAT

doarpskrante fan Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum



'Fijne
feestdagen met
een kerstboom
van Grietje en
Sjouke uit eigen
dorp'

9

Dit bin ik:
Pytrik van der
Meulen

25

Puzzelpagina

46

Foar-, haad- en
neigerjocht foar
de krystdagen

(advertentie)

Altijd uitstekend bereikbaar!



Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!

Hallo

JUMBO
Grou



NOCH IEN KEAR...ASJEBLYFT...

Dan strykt it ljocht oer it gea.
Sulveren sinnefûgels
dûnsje oer de wolken
en fertelle fan de tasizzings,
dy't dizze moanne
noch yn him hat.

Oer alles leit de tsjoen fan de
ferwachting...

Fan nije tiden.
Fan 't bliere boadskip.
Fan 't nije jier.

Mar dochs...

Doe...

Winter...

lisbaantinte.
Sûkelademolke.
Muzyk.
Jongfolk.
Ride!!

Noch ien kear!
Asjeblyft.
Noch ien kear!
By de stêden del!

Piter Renia

Us jierlikse LP-frijwilligersjûn

De foarsitter hie it wer kreas regele. Dizze kear wiene we te gast yn it Skûtsjemuseum fan Earnewâld mei suver alle Linepraatfrijwilligers. Gjin stinselmanlju en pakfroulju mear, mar dochs mear as tritich minsken fûnen in plakje oan ien fan de beide swurden, dy't dêr as tafel tsjinje. It ûntfangst wie hiel ferrassend: je tinke fansels oan Age Veldboom en konsorten, mar nee, hear! By de doar krigen we allegear in wolkomsthân fan Symon en Geartsje Bergsma. Al foardat Symon yn de fut koe, hie er him foarnommen om nei syn wurksume libben as frijwilliger yn 't spier te gean yn dit museum. En dat is him no al mear as tsien jier lang slagge. Nei in prachtich ferhaal fan in goed healoare liet Geartsje it grutseil sakje: "Hy praat mar troch en dan komme jim net oan it iten ta!" Wylst we ús rûnlieding troch it museum hiene, sette in oare Redúster in hiel lekker rûkend en tige smeitsjend buffet klear yn de achterseal. Lekker, André!

In bysûnder momint wie weilein foar Durk en Afke van Gorkum. As inisjatyfnimmer fan de kuorbalkrante (De Stânfries mei Linepraat) frege foarsitter Menno Durk nei foaren. Doe waard ek Afke, as jierrenlange typiste, nijssamler, haadredaktrise, pakster en rûnbringster der byhelle en kamen hja tegearre tige fertsjinne yn de blommen. Dy blommen sille net witten hawwe wat harren oerkaam: by Menno yn de auto, Durk en Afke der by, ûnder iten de blommen út de auto, nei it betankje der wer yn, Durk en Afke ek wer yn dy auto en doe koene de blomkes der Oan it Swin ek wer út...

Henk Korf

Yn dizze Linepraat



Koartnijs.....	5	Yn petear mei.....	30
Wisten jo dat.....	7	Signaalpetear.....	35
Agenda.....	7	Nijs fan de Sakeclub.....	36
Dit bin ik.....	9	Hervormde gemeente.....	39
Krystferhaal.....	11	Doarpsbelang Reduzum	43
Trije Doarpen Skoalle	12	Lekker lokaal.....	46
NijsútFriens.....	17	Nijs út Idaerd.....	51
QlubbRED.....	19	Biljert.....	53
Opinie.....	21	Gymnastiek.....	53
It Stikje.....	23	Sportbelangen.....	55
Puzzelpagina.....	25	Kuorbal.....	57
Myn doarp.....	27	Keatsen	59
Lêste kear.....	29		

Volgende uitgave

De volgende Linepraat verschijnt op 23 januari. Kopij hiervoor kan worden aangeleverd tot vrijdag 9 januari om 12.00 uur via linepraat@reduzum.com.

Colofon

Linepraat is de dorpskrant van Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum en verschijnt 10x per jaar in een oplage van 650 ex.

Kopij aanleveren in Word (in Google-

lettertype Outfit regular 10) via linepraat@reduzum.com, foto's apart aan de mail hangen (via paperclip)

Redactie:
Sietie Boersma, Gerrit Jeuring,

Jantsje Kalsbeek, Henk Korf, Geesje Oosterloo. **De redactie kan kopij inkorten of geheel weigeren.**

Vormgeving: Jeltsje Brouwer, Debby Koot, Sygnie Steegstra, Titia Tilma.

Print: Zalsman bv

Bezorging: Geeske Smorenburg

Advertenties: voor informatie en tarief: advertentie@reduzum.com



Frysk Black Angus

Puur vlees, rechtstreeks van de
Black Angus-boerderij aan de Leppedyk!

Levering aan particulieren en horeca. Op afspraak geopend.
Familie Kerkhof | Leppedyk 56, Akkrum | www.fryskblackangus.nl

Peuteropvang in Reduzum

Kom gerust
een keer
langs!

Peuteropvang "De Earste Wjukslach" is een locatie speciaal voor kinderen tussen de 2 en 4 jaar. Kinderen kunnen twee dagdelen per week komen spelen. De peuteropvang is een veilige en stimulerende plek, helemaal gericht op de ontwikkeling van kinderen. Met ons tweetalig beleid krijgen Fries en Nederlands beide gericht aandacht. Daarnaast werken we met voorschoolse educatie om spelenderwijs te leren. We verwelkomen jouw kind graag bij Peuteropvang De Earste Wjukslach!



Kijk op kidsfirst.nl
of scan de code



Contact

Peuteropvang "De Earste Wjukslach"
PO.EarsteWjukslach@kidsfirst.nl

Master Gorterstrjitte 9a
9008 TB Reduzum (Roordahuizum)
Tel: 06-58971100

Bêste minsken,

Fanwege de leafde bin ik koartlyn ferhuze fan Reduzum nei Hurdegaryp. Ik wol jim allegear tige tanksizze foar alle moaie 17 jierren yn Reduzum. Us bern binne hjir opgroeid en it is in noflik en aktyf doarp om yn te wenjen.

De bân mei de trije doarpen hâld ik wol wat yn stân, want ik bliuw kosten fan de tsjerke yn Friens.

Freonlike groetnis,
Sybren Posthumus

Na ruim 51 jaar in Reduzum zijn wij eind november verhuisd naar Leeuwarden. Hierbij bedanken wij voor alle lidmaatschappen. Wij wensen iedereen het allerbeste.


Theo en Hannie v/d Bogert

Sinnepanielen

De moanne oktober hie behoarlik lêst fan de wolken foar de sinne. En dan krije je fansels ek minder stroom fan de panelen. Mar oan de oare kant meie we ek net kleie, de simmer wie goed.

Foaral de huzen mei de panelen op it easten en it westen krigen folle minder sinne op it paniel, om't de sinne leger stiet en him minder lang sjen lit op in dei.

Op it stuit hawwe we ek in systeem dêr't de omfoarmer efterút telt. Soks ha we noch net earder by de ein hân, mar de technyk komt somtiden apart út de hoeke.



Iepeningstiden iel en mear

Yn ferbân mei de feestdagen yn desimber ha wy ús iepeningstiden oanpast.

Wy binne sluten op:

- Freed 19 desimber
- Sneon 20 desimber
- Freed 26 desimber
- Sneon 27 desimber

Wolle jo wis wêze fan salm en rikke iel dan graach op 'e tiid bestelle: a.jager81@upcmail.nl of 0566 602039.

De hiele moanne **jannewaris is de winkel ticht, fan 6 febrewaris ôf steane wy wer foar jim klear** en leit de farsk rikke salm en iel wer yn de fitrine.

Wy binne iepen op:

- Tiisdei 23 desimber fan 10.00 - 17.00 oere
- Woansdei 24 desimber fan 10.00 - 13.00 oere
- Tiisdei 30 desimber fan 10.00 - 17.00 oere
- Woansdei 31 desimber fan 10.00 - 13.00 oere



U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand gratis in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen met een vrijwillige bijdrage van €5,- door bijgaande QR-code te scannen of d.m.v. een overboeking naar bankrekeningnummer NL12RABO 035.62.52.612.

Bij voorbaat hartelijk dank!



(advertenties)

A portrait of Anna Bijlsma, a woman with blonde hair, wearing a dark blazer over a blue top. She is standing outdoors, leaning on a dark wooden railing, with a blurred background of trees.

*‘ELTS MINSKE IS OARS,
ELTS ÔFSKIE IS OARS’*

Uitvaartzorg
Bijlsma 

Anna Bijlsma

06 10 33 03 37
dag en nacht bereikbaar

Jouw persoonlijke financieel adviseur
in Grou en omstreken

A photograph of a modern, two-story building with a red-tiled roof and large windows. The building is surrounded by greenery and trees.

Loop gewoon eens bij ons binnen!

Wij staan
klaar voor
**particulieren én
ondernemers**

 **VAN
CAMPEN &
DIJKSTRA**
Verzekeringen | Bankzaken | Hypotheken

Parkstraat 7 | 9001 AS Grou
0566 651 020 | grou@vancampendijkstra.nl
www.vancampendijkstra.nl/grou

- dizze wisten jo's skreaun binne op Curaçao?
- der gauris wat mis is mei de felle ljochten fan de lantearnepeallen yn de Douwe S. Bangmastrjitte?
- it miljeusêfte grienige ljocht fan it Swinlân dêr ek net ferkeard is?
- Suze fan Klaas en Sepkje it boechbyld is fan de promoasjekampanje foar har skoalle?
- Ale syn iel no ek al yn Seattle iten wurdt?
- ek in skilderij fan Sibbele dêr yn it fiere Californië oan de muorre hinget?
- it wol liket dat der in seehaven oanlein wurdt by de dûmny Boersstrjitte?
- der âlde films fan Idaerd (toaniel, it lokaal) digitalisearre binne en by Leo Smit op 'e laptop stean?
- deselde Leo ek prachtige bewegende bylden fan foaroarlochse auto's by herberch de Grutte Trije Romers fûn, dy't no fia de QR-koade op jo telefoan dêr wer delkomme?
- we (yn elts gefal om trije oere) in folslein nije besetting hiene op it stimburo Reduzum?
- der wrachtich ek minsken sieten fan in skaadstimburo (Ipsos), de betide prognoazeljû?
- frijwillichster Coby nei har ferstjerren eare waard mei in prachtich LC- in memoriam?
- der bûnte spjochten by de rûs sjoen wurde, mar de griene spjocht , dy't húsmannet yn en om de Boersstrjitte hjir in seldsumheid is?
- master Arnold no as Kening Redbad de Twadde troch it libben giet?
- hy yn dy hoedanigens it reusachtige spulattribút yn Warten iepenstelle mocht?
- we wiis binne mei de stipe fan jimme fia it Rabo ClubSupport, mar as jo ús in bytsje stypje wolle, soks ek streekrocht kin fia NL 12 Rabo 03562.52.612 (Linepraat)?
- alle meiwurkers fan de Linepraat jo noflikke krystdagen winskje en benammen in protte sûnens it kommende jier?

Agenda


19 december	Kerstgala QlubbRed	Qlubgebouw
21 december	Kerstfair	15.00 - 18.00 uur Friesch Transportmuseum – Aytawei 72
24 december	Nulste Kerstdag	20.00 uur Café Bar De Welp
01 januari	Nieuwjaarsduik	12.00 uur Haven Swinlân
04 januari	Tsjoch 2026	16.00 uur Café Bar De Welp
12 januari	Quiltmiddag	15.00 - 17.00 uur Lokaal Reduzum
19 januari	Ledenvergadering Kaatsen	19.30 uur
23 januari	Schaatsen	11steden hal Leeuwarden
24 januari	Siebe Fennema Partij DWEL	Café Bar De Welp
31 januari	Toneel Idaerd	Dorpshuis It Lokaal
02 januari	Quiltmiddag	15.00 - 17.00 uur Lokaal Reduzum
03 februari	Toneel Idaerd	Dorpshuis It Lokaal
04 februari	Start Pier Riemersma partij	Café Bar De Welp
11 februari	Filmavond	Lokaal Reduzum
13 februari	Roto toneeluitvoering	Café Bar De Welp
14 februari	Toneel Tusken Swin en Moezel	Friens
14 februari	Roto toneeluitvoering	Café Bar De Welp
15 februari	Roto toneeluitvoering	Café Bar De Welp
16 februari	Toneel Tusken Swin en Moezel	Friens

(advertentie)



De verbindende factor tussen mens en papier

Notaris Mirjam



Wij zorgen ervoor dat jouw wensen juridisch goed worden verwoord op papier.

**Neem contact op met
Notariskantoor Mirjam Bos**

- ✉ info@notarismirjam.nl
- ☎ 0566 - 601 404
- 🌐 www.notarismirjam.nl
- 📍 Stationsweg 1, Grou



NOTARISKANTOOR
mirjam bos

Dit bin ik



Pytrik van der Meulen
15 jier en wennet yn Friens

Mei wa wennest hjir?

“Ik wenje hjir mei mem Anke, heit Ronald en broerke Jelke. It is wol leuk om yn Friens te wenjen, iderien kent elkoar. Mar we ha hjir net in heile protte, eigenlijk helemaal niks. Oan de iene kant is it wol leuk dat we wat mei it doarp dogge, mar oan de oare kant is hjir ek net sa folle te dwaan. Ik gean dan soms wol ris jûns nei Reduzum mar dat doch ik net hiel faak, dan sitte we dêr wol ris mei in ploechje.”

Nei welke skoalle giest?

“Ik sit op Piter Jelles Ynsicht. Ik doch dêr de gemengde leerweg dat is lyk oan de MAVO. Ik fyn it leuk op skoalle, ik ha dêr in leuk freondinneploechje. Ik ha ek net heile freeslike dosinten ofsa. Ik sit no yn myn eksamenjier en wol hjirnei nei it MBO4. Ha in skoft tocht oan ferpleechkunde mar it hoareka toerisme deel dat sprekt my no ek wol oan. Of in eigen ûndernimming dat fyn ik ek wol leuk. Ik wit it dus noch net.

Ik bin lêst nei de onderwijsbeurs in Harderberg west en anst binne der allegear iepen dagen yn novimber. Dan sille we dêr sjen. Op in gegeven momint moatte je ek gewoan in keuze meitsje en at it net leuk is dan wisselje je dan wer.”

Wat dochst ast net nei skoalle giest?

“Ik bin wol in protte oan it wurk en oppasse. Ik bin altyd eigenlijk wol fuort.

Ik wurkje by de Poiesz yn Mantgum op de tongersdeitejûn en sneontemoarn. Dêr stean ik sinds koart by de slagerij, dus dat is wol super leuk. Ik sit ek noch yn it Qlubb bestjoer en dêr bin je ek wol drok mei dwaande. Mei Aukje Roorda regelje ik it finansjele deel. QlubbRed hat elke moanne in aktiviteit en op 6, 7 en 8 maart gean we wer mei syn allen nei Blierherne op It Amelân. We helpe ek mei op MILF en mei de merke yn Reduzum. Dan moatte je ek mei oare organisaasjes dingen ôfprate. We ha in leuk bestjoer en we kinne noch wol minsken brûke. Bist der net in heile protte tiid oan kwyt en it is gewoan in heile leuke ploech. It is natuerlik ek leuk om te sjen hoe leuk de bern it ha. En dat je wat foar it doarp dogge dat fyn ik ek leuk.”

Hast ek hobbys?

“Ja ik doch sangles yn Akkrum. Yn 2024 ha ik meidien oan ROTO yn Reduzum. Sangles doch ik mei in groepke fan fjouwer. We sykje sels de ferskes út of ús sangdosente hat wat útsocht. Myn favorite ferske no is Iris fan de Goo Goo Dolls. We ha ek wolris optredens sa as anst op 2 novimber at we yn it Posthuis Theater yn Heerenveen sjonge. Dit is mei alle learlingen fan de sangskoalle.”

Wêr soedest wolris hinne wolle?

“Ik wol heel graach nei Spanje. De taal fyn ik heel moai. Ik bin gek op Spanje, ik wit ek net werom. Ik bin der noch nooit west mar it liket my in super leuk lân ta. Of ik gean nei de kust of nei Madrid of Barcelona.”

Janet Wijnstra



(advertenties)

SIGN|STORE

Reclamebelettering

Autobelettering | Reclameborden | Gevelreclame

YACHT|WRAPPING

Niet spuiten maar plakken

Volledige Romp | Biezen | Waterlijn | Scheepsnamen

Muldyk 11b, 9001 XV Grou | www.yachtwrapping.nl



Thús yn Reduzum!

Eagum, Friens en Idaerd



Parkstraat 2, 9001 AT Grou



0566 - 62 2776



mid-fryslan.nl

Oant sjen yn 'e sauna

De rutewiskers giselje oer it autorút, wylst Janet der mei de noas boppe-op sit. De wiete snie behinderet har útsicht behoarlik.

Wat in idee ek fan Julia, om harren 'meeting' sa'n ein fan hûs te organisearjen. Yn it midden fan it lân, dat wie it meast sintraal, neffens har. Ja, duh, foar hár wol fansels, Julia hoegde mar in goed healere te riden om yn Apeldoorn te kommen, mar se hie der foar it gemak gjin rekken mei hâlden dat Janet alhiel út it Noarden komme moast. Fan harren groepke is de ôfstân foar har fierwei it langst. En om distiid fan it jier kin men fan alles ferwachtsje, wat it waar oangiet. En as it no noch frear, dan hiene se teminsten noch in wite krystiid ferwachtsje kinnen, mar dizze rommel jout allinnich mar smoargens en ûngemak. De auto's foar har sjitte ek net echt op, se moat noch mar sjen oft se op 'e tiid by de Oase oankomt.

Se hiene mei-elkoar yn Grins studearre en in freondinneploechje foarme. Janet, Julia, Ineke, Suze, Ingrid en Marthe. Se dielden in flatsje en al harren geheimen. De bân wie hiel hecht en se hiene sward dat it altyd sa bliuwe soe, wêr't it lot harren ek brocht. Yn werklikheid foel it tsjin. Mar ien kear yn it jier, yn desimber, kamen se byelkoar en boekten in nacht yn in hotel of B&B. Diskear wie Julia mei it idee op de proppen kaam om it wat lúkser oan te pakken. In resort mei swimbad, sauna en massaazjes. Wol wat djoerder, mar yn dizze drokke moanne koene se wat ûntspanning wol brûke. No, fan dy ûntspanning merkt Janet oant no ta net safolle.

Oardeloare letter parkearret se har Twingo foar de Oase. As se har kofferke út de auto helle hat, sjocht se sykjend om har hinne. Wêr is de yngong eins fan dit grutte gebou dat foar in diel oplutsen is út glês? O, dêr by dy grutte krystbeam mei syn skitterjende ljochtsjes sil it wol wêze. Se rint der op ta, heal en heal ferwachtsjend dat har freondinnen op it bordes stean sille om har te begroetsjen. Unsin fansels, se is hast in oere te let, dy sille harren wol yn de bar ynstallearre hawwe mei in wyntsje. Pardon, in aperityfke, sizze se hjirre fansels.

Se stapt troch de hal nei de baly om yn te skriuwen. Wat is it hjir aaklik stil. Janet drukt op in beltsje en dan ferskynt der in jongeman dy't har namme freget. Se kriget de kaai fan har keamer, dy't se mei Ingrid dielt. "Is mevrouw Van Buren al gearriveerd?", freget Janet. De jonge sjocht op syn kompjûter. "Nee, mevrouw. Maar u kunt plaatsnemen in het restaurant, daar staat een lopend buffet klaar." Op syn oanwizings rint Janet nei it restaurant. Se sjocht om har hinne. Hjir en dêr binne wat taffeltsjes beset, mar har freondinnen binne der net. In ûnrestich gefoel bekrûpt har. Is der wat misgien? Hat se har yn de datum fersind? Nee, dan hiene se har dat hjir wol ferteld. Se set har kofferke del en hellet in breadsje en in glês wyn by it buffet.

Mei it sicht op de doar giet se sitten. Elk momint

ferwachtet se har freondinnen te sjen, mar der bart neat. Nei in healere pakt se har mobyl en bellet Julia. It duorret even foardat der opnaam wurdt. Dan heart se Julia har stim, koart en jachtich. "Janet. Wat is der oan de hân?" "Dat kin ik better oan dy freegje", antwurdet Janet like koart. "Wêr bliuwe jim dochs?" "Janet! Hast dyn mail wer net lêzen? De datum is ferset. Ineke hat har ôfmeld. Hat gryp?" "O. En dêrom wurdt de hiele saak mar ôfblaasd?" Janet is kûgelsk. "Net allinnich dêrom. Suze har auto is by de garaazje, Marthe hat har ankel ferstûke en Ingrid koe gjin oppas foar de bern krije. Dus dogge we it mar yn it nije jier." "O, moai is dat. Hiene jim my net even belje kind?" "Ik sei it al, dêr hawwe we de mailgroep foar. Ast dêr no even op..." Mar Janet hat har mobyl al útdrukt. Se is razend.

Hat se derfoar dy hiele rotreis makke? Om hjir allinnich yn dit stomme hotel te sitten. Moaie freondinnen hat se. No, dy hoecht se foarearst net mear te sjen. Wat no? It leafst giet se linea recta werom nei hûs, mar se sjocht tsjin de lange reis op. Boppedat, wa sit der thús op har te wachtsjen? Net ien. Ingrid en en Suze binne trouw en Marthe hat in freon. Julia is skieden, mar is drok op mannejacht. Sy hat har bekomst fan manlju, nei in pear mislearre relaasjes. Boppedat hat se foar dit arranzjemint betelle, dat jild is se dus dochs al kwyt. Nee, se is hjir no en sil der wat fan meitsje, hoe dan ek. Se nimt noch in glês wyn en in salade en siket dan har keamer op. Dy sjocht der lûksueus út en te grut foar har allinnich. It kofferke smyt se yn in hoeke en hellet der wat guod út. Folle hat se net nedich, se giet ommers nei de sauna... Even letter leit Janet op de sinnebank. De wyn hat har slieperich makke en se fielt hoe se har ûntspant. Hè, wat leit se hjir lekker. Even de eagen ticht en dreamt dat se op it strân oan de Riviéra leit...

"Hee, Janet, dat is ek tafallich! " Mei in skok fearret Janet oerein en lûkt yn ien beweging de badjas om har hinne. Ferbjustere stoarret se nei de man dy't by de doar stiet, yn in kleurige boxershirt. "Alex", stammeret se. "Wat dochstó hjir?" "Itselfe as watsto hjir dochst", laket Alex. "Ik bin hjir bedriuwslieder en kontrolearje sa no en dan oft de fasiliteiten hjir noch wol nei winsk binne."

Janet wit net hoe't se it hat. Alex wie in oantal jierren ferlyn ien fan har 'mislearre relaasjes'. Dochts fielt se har hert wyld bûnzjen no't se him nei al dy tiid wer sjocht. Se giet oerein, alhiel mei har hâlding ferlegen. "Ik.. ik gean mar wer ris fierderop", seit se ûnhandich. Alex merkt har ûnwisse hâlding. "Mei ik dy útnûgje foar in itentsje yn it restaurant", freget er. "Kinne we de freonskipsbannen wer wat oanhelje." Dêr seit Janet gjin nee op.

Froukje van der Veen



Nijs fan 'e Trije Doarpen Skoalle

We genieten van een heerlijke decemberperiode waarin, naast alles wat we leren, er ook altijd bijzondere dingen op het programma staan. Uiteraard vertellen we hier weer over in de Linepraat. We wensen iedereen veel leesplezier, hele fijne feestdagen en zeggen: "Graach oant sjen by ús op skoalle!"

Sinteklaas op skoalle!

Vrijdag 5 december was het weer zover: Sinterklaas en vrolijke Pieterbaas kwamen op bezoek bij de TDS! Al vroeg in de ochtend stond het plein vol met blije kinderen, ouders en andere belangstellenden. Het weer was goed, de geluidsinstallatie werkte perfect. Kortom: alles leek klaar voor een feestelijke intocht.

Maar toen meester Ties de post pakte en meester Johannes, aangemoedigd door de kinderen, een brief voorlas, bleek er iets aan de hand. In drie talen stond er:

'Waar is school?'
 'Where is school?'
 'Wêr is skoalle?'

Ondertekend door 'Pieterbaas Frou'. Wat bleek? Sint en Piet waren door het vernieuwde plein de school voorbij gelopen! Gelukkig kwamen ze de hoveniers Taco en Dick tegen, die hen vertelden dat het plein door hen, de kinderen en vrijwilligers was veranderd in een groen speelplein. Geen wonder dat Sint even moest zoeken. Gelukkig waren de Redúster hoveniers bereid om hen even te brengen. Geweldig!

Zo kwam ook dit jaar alles goed en kunnen we wederom terugkijken op weer een prachtige Sinterklaasviering. 'Tige tank', Sinterklaas en Pieterbaas. Oant oar jier!



Opwarmconcert voor Sint

Tussen de zomer- en herfstvakantie organiseerden we samen met Brassband Wirdum een naschools muziekaanbod, waarbij kinderen konden kennismaken met blaasinstrumenten. Een aantal leerlingen, waaronder Gjetsje en Janne, waren zo enthousiast dat ze op les zijn gegaan. Op 4 december gaven zij in alle groepen een vrolijk 'opwarmconcert' voor het Sinterklaasfeest. Dit kwam op 5 december goed van pas. Geweldig gedaan, dames!

Jierdeis - Verjaardagen - Birthdays

Lokwinske allegearre and we wish you a happy birthday!

Yn desimber binne jierdei:

2. Sadaq	13. Juf Jetty	23. Marrit
3. Jelmer en Eke	15. Lizze	25. Jort
6. Elise	20. Yfke	27. Dine
7. Anne	21. Sil	30. Fenna



Sinterklaas in beeld:



Nijs út groep 5, 6, 7 & 8!

Wat wij zoal doen op school.



Ook in de groepen 5 tot en met 8 is de afgelopen tijd weer hard gewerkt. Naast de reguliere vakken hebben de leerlingen genoten van allerlei bijzondere en leerzame activiteiten. Zo was er op 24 november het 'Mearke' in Winsum. Deze jaarlijkse voorstelling rond Sinterklaastijd is inmiddels een traditie en wordt de kinderen aangeboden door onze Ouderraad. Ook dit jaar was het weer een prachtige ervaring waar iedereen volop van heeft genoten.

Daarnaast zijn de woensdagmiddagen weer extra creatief dankzij de start van de 'Krea-middei'. Met veel enthousiasme wordt er onder andere gehandwerkt, gefiguurzaagd en gekookt. We zijn daarbij enorm dankbaar voor de hulp van onze vrijwilligers, die ervoor zorgen dat deze middagen steeds weer een succes zijn.

Ook werd het Experience Lab van Piter Jelles Ynsicht bezocht. Daar doken de oudste kinderen in de wereld van techniek, stroom en programmeren. Ze leerden solderen, maakten stroomkringen en ontdekten hoe je zorgt dat alles goed werkt. Een geweldig hoogtepunt was het programmeren van een 3D-printer die vervolgens een ontwerp in hout graveerde. Met precisie werd er gewerkt aan een eigen creatie. Het resultaat was een prachtig houten plankje dat zelfs licht kan geven!

Naast dit alles zijn we dit schooljaar gestart met de methode Wetenswaardig, een geïntegreerde methode voor wereldoriëntatie waarbij leerlingen kennisrijk thematisch onderwijs krijgen. Tijdens studiedagen wordt het team van onze school getraind om uiteindelijk ook in de jongere groepen met deze mooie methode te kunnen gaan werken. Een prachtige ontwikkeling!

De groepen 5 tot en met 8 wensen iedereen die dit leest alvast hele fijne feestdagen en een prachtig 2026 toe!



Lekker kleurje yn de krystfakânsje!



(advertentie)

Toanielferiening ROTO spilet

ALLE BALLEN OP BERTHA

UTFIERINGS

13,14,15 FEBRUARI 2026

SKRIUWER

Winnie Abel

OERSETTER


Ben ten Velde

FOAR IT FRYSK OERSET TROCH:

Lammert Dijkstra

Werff talent

Brengt talent en werk samen



VAST | FLEXIBEL | TIJDELIJK | VAKANTIEWERK



06 - 33 30 89 98



0513 - 61 03 80



planning@werfftalent.nl

Bel voor jouw baan!

werfftalent.nl



DeelstraJansen

ADMINISTRATIE EN ADVIES

Deskundig, betrouwbaar en betrokken

jaarrekeningen • fiscale adviezen • loonadministraties • belasting-
aangiften • bedrijfseconomische adviezen • bedrijfsoverdrachten
samenwerkingsvormen • subsidies

Wismastate 9
Postbus 52
8900 AB Leeuwarden

T (0888) 18 18 18
F (0888) 18 18 00
E info@deelstrajansen.nl
www.deelstrajansen.nl

Gesellige jûn 2025

Op 'e twadde sneon yn novimber wie it wer safier: de gesellige jûn yn Friens. In prachtige opkomst fan goed 50 (âld-)ynwenners fan Friens en oaren dy't har ferbûn fiele mei it doarp. Dit jier wie de organisaasje yn hannen fan Fokke, Sietje, Simon en Marije.

Yn groepkes waarden alle sintugen prikele op dizze jûn: krûden rûke, logo's riede, lûden keppelje oan ôfbyldings, blyn tekenje, ferskate dingen priuwe en riede wêr't it produkt weikomt (de salmiakpoeier wie in sukses). Ek wiene der ferskate minsken frege om 'gesellige jûn' yn te sprekken. Blykber wie it dochs lestich om de stimmen fan (âld-)ynwenners fan de trije doarpen werom te kennen... Sels Wimmy werkende har eigen dochter net en seach mei freegjende eagen de seal rûn.

Yn in ronde dêr't fan elk groepke ien nei foaren komme moast om te sjen wa't de bêste 'pokerface' hie, koe Els goed ferbergje dat sy soajasaus yn stee fan kola yn har beker hie. Ek Abe en Sybren koene in pokerface hâlde nei in slok jittik en sitroensop.

Yn de tariedings op dizze jûn waard fansels ek gebrûk makke fan AI. ChatGPT hie kryptyske omskriuwingen makke fan de tsjerke, de trijesprong en it kaarten op tiisdeitejûn.



Al mei al in slagge jûn mei in moaie opkomst. It stokje is oerdroegen oan Jarig-Jan, Sietje, Jos en Anke.

Oant takom jier!

Hoog bezoek in Friens

Vrijdagmiddag 28 november werden alle kinderen die in Friens wonen, uitgenodigd om naar de kerk te komen. Niet om een kerkdienst bij te wonen, maar om onder het genot van een glaasje drinken, wat pepernoten en popcorn een Sinterklaasfilm te kijken op een groot scherm.

Iedereen had een kussentje meegenomen en de kerk was feestelijk versierd en heerlijk warm. Nadat de film was afgelopen, stonden er ineens twee pieten op de stoep. Zij hadden zakken vol pepernoten en cadeautjes meegenomen en konden over iedereen wat leuks vertellen.



De pakjes werden enthousiast ontvangen en uitgepakt en na nog wat liedjes gezongen te hebben, gingen de pieten er weer vandoor.

THUISZORG BIJ PATYNA VERTROUWD EN DICHTBIJ



Bij Patyna Thuiszorg kunt u rekenen op zorg die past bij úw leven. Ons kleine en vertrouwde wijkteam kent de omgeving en kijkt samen met u naar wat u nodig heeft.

Wij staan voor u klaar met:

- verzorging
- verpleging
- alarmopvolging
- vakantie zorg
- intensieve en langdurige zorg bij u thuis

Meer weten of een vraag?

Bel 085 - 1143200

Mail thuiszorg@patyna.nl

Een kijkje achter de schermen?

Bekijk de werkdag van
zorgkundige Marloes!



QlubbRED: lasergamen

Binnen no time siet ús útsje 'lasergamen' hielendal fol! Op freed 28 novimber binne we mei de bern nei Battlehouse ta riden op It Hearrenfean. Yn teams gongen de bern striden foar de winst. Team read hat yn runde 1 wûn en Jorik hie hjir de heechste skoare! Yn runde 2 en 3 hat team giel wûn en hat Jurre de measte punten helle! Yn runde 4 hat team read wûn en Brend en Jurre stiene beide boppe-oan mei de measte punten! Yn runde 5 hat team blau wûn en hjir hie Jorik de measte punten helle! De winner oer de hiele jûn wie team read. Wat in toppers allegear, mar meidwaan is belangriker as winne:-).

De teams dy't tuskentroch wachtsje moasten diene spultsjes as uno, regenwormen en dobbel. Mar se koenen de skoares fan de bern dy't dwaande wienen ek yn de gaten hâlde. En der waard sels sjoen nei de sc Hearrenfean wedstriid tsjin Zwolle. Se ha harren goed fermakke! Tige tank oan alle bern dy't mei wienen en ek oan de âlden dy't riden ha!

Op snein 30 novimber hawwe tegearre mei de Sinteklaaskommisje in Sinteklaasfilmmiddei organisearre. Wat in gesellige boel wie dat! Der wienen bern fan jong oant âld en se ha allegear mei smacht nei de film 'De club van Sinterklaas en het grote sneeuwavontuur' sjoen. Tuskentroch noch wat drinken en popcorn en foar dat we it wisten wie de film alwer ôfrûn. Tige tank foar de gesellige middei!

Op freed 19 desimber ha we krystgala yn it Qlubbgebou. De bern meie yn harren moaiste galaklean komme. Derneist stean wy snein 21



desimber wer op de krystfair by 'Van der Werff'. Hjir sille we krystballen fervje en potsjes fersiere dêr't waksineljochtjes ynkinne. Let op: nim sels efkes in potsje mei. Hooplik oant dan!

Mear ynformaasje oer ús feestjes en aktiviteiten kinne jim fine op ús sosjale media, facebook en instagram: qlubbred.

Wy fan QlubbRED winskje eltsenien hiele feestlike krystdagen en in moai 2026. Proast, dat we yn 2026 wer hiel wat leuke feestjes en aktiviteiten organisearje meie.

En om it jier goed te starten, ha we de earste aktiviteit al wer pland. Nammentlik te reedriden yn de Alvestêdehal yn Ljouwert op freed 23 jannewaris. Mear ynformaasje komt letter fia ús sosjale media, mar set it foaral alfêst yn de agenda. Oant sjen!

(advertentie)

HAAIMA


SERVICE EN AUTO'S

Klear foar de takomst!

FOAR SERVICE EN AUTO'S ÉN DUORSUME OPLOSSINGEN!

By Haaima fine jo alles foar jo auto ûnder ien dak. Mei 11 fêstgingen yn Fryslân en de Noardeastpolder steane wy klear foar elkenien - fan partikulier oant saaklik. Oft it no giet om ûnderhâld, reparaasje of de oanskaf fan in nije auto, wy binne jo betroubere partner.

As dealer fan Opel, Peugeot, Citroën, Fiat, Jeep, Leapmotor, Abarth en Suzuki én spesjalist yn reparaasje fan alle automerken, hawwe wy altyd in oplossing dy't past. Kom del yn Dokkum, Drachten, Frensjer, Emmeloord, It Fean, Ljouwert, Snits of Wurdum en belibje it sels!



www.haaima.nl



De rubriek 'Opinie' staat open voor iedereen. Wil je (mag anoniem, mits naam en adres bekend bij eindredactie) iets kwijt over ons lezersgebied, dan is dit de plek! Uiteraard, niet schelden, geen schuttingtaal en geen bedreigingen. De redactie kan een reactie weigeren te plaatsen.

De enige voorwaarde is, dat het een directe link moet hebben met ons gebied. Dus geen algemene onderwerpen, geen landelijke politiek, geen internationale zaken. Maar wel graag jouw mening over onze dorpen, wat er speelt, wat beter kan etc. etc. Vooral ook jongeren zijn meer dan welkom, laat horen wat je van jouw leefomgeving vindt...!

De enige voorwaarde is, dat het een directe link moet hebben met ons gebied. Dus geen algemene onderwerpen, geen landelijke politiek, geen internationale zaken. Maar wel graag jouw mening over onze dorpen, wat er speelt, wat beter kan etc. etc. Vooral ook jongeren zijn meer dan welkom, laat horen wat je van jouw leefomgeving vindt...!


Het belang van water

Vroeger was het beheren van het water vooral gericht op het afvoeren van regenwater. In de loop van de tijd zijn er echter veel sloten –die ook voor het afvoeren dienden– gedempt. Tegenwoordig, met veel meer bestratingen en een uitgebreid rioolstelsel vindt het afvoeren in een hoger tempo plaats. Ook –laag gelegen– weilanden worden constant droog gehouden. De steeds warmere zomers en langere perioden van droogte, veroorzaken een lage grondwaterstand. Hierdoor droogt de terprgrond van Reduzum uit en er kan schade aan huizen en wegen ontstaan. Met name de huizen in en rond de dorpskern lopen dan gevaar. Deze hebben

nog funderingen ‘op de klei’ en wanneer de grond inklinkt, dan zakken de huizen mee. Dit kan tot onherstelbare schade leiden. Hierop kunnen we ons beter maar voorbereiden.

Door gezamenlijk meer het regenwater op te vangen, door de afvoeren om te leiden en die naar tonnen, vijvers, tuinen en polders te leiden, kunnen we het uitdrogen mogelijk voorkomen. Ook met het aanhouden van hoge(re) zomerpeilen in de sloten, helpt het voorkomen van uitdroging.

Fetze Tigchelaar



Vroeger bezat Reduzum een fijnmazig netwerk aan sloten. Om een beeld van alle ná 1950 gedempte sloten te krijgen, zijn die hier met kleur ingetekend.

Airco Techniek Friesland

Nooit meer **temperatuurstress!**
Met een airco van Airco Techniek Friesland
verkoel je in de zomer en verwarm je in de winter!



Wil je er ook comfortabel bijzitten?
Scan dan de QR-code of bezoek onze website.



www.aircotechniekfriesland.nl



Leppenheim

menskipssintrum

Maaltijdservice van Leppenheim

Niet zelf koken, maar wel lekker en gezond eten? Leppenheim levert dagelijks warme, maaltijden bij u thuis, vers bereid in onze eigen keuken. Liever koelvers en zelf opwarmen? Kan ook!

Meer weten? Neem contact met ons op!
Leppenheim (0566) 654 654

• • • een mooie dag op eigen kracht

DIERENARTSENPRAKTIJK REDUZUM-GROU



Oedsmawei 13 9001 ZJ GROU tel. 0566 – 601464


Spreekuur uitsluitend op afspraak

Voor spoedgevallen 24/7 bereikbaar

Balie geopend: Ma t/m Vrij: 8.00 – 18.00 u.

Zat: 8.00 – 9.30 u.

info@dierenartsgrou.nl www.dierenartsgrou.nl



Blauwe Tent

Lunch & Diner

Gewoon lekker eten in een gezellige
ambiance. Betaalbaar, puur,
(h)eerlijk en lokaal.

Overijsselsestraatweg 6, 9008 TS Reduzum
www.blauwetent.nl • info@blauwetent.nl

De lêste

Doe't ús doarpskrante noch in kuorbalkrantsje wie, wiene der fansels ek 'stikjeskriuwers'. Twa kin ik my noch heuge: ANP en Pinfisker. ANP stie foar Aaltsje Nina Pander, de namme sil wol as parody op it 'Algemien Nederlânsk Parseburo' bedoeld wêze. Meastal gong it oer it kuorbaljen, de sport dêr't Reduzum sa grut mei wurden is.

It krantsje waard stinsele by de Boerelienbank fan kassier Ids Boersma. Dy bank waard yn 1972 de Rabobank. Letter doe't Linepraat in doarpskrante wurden wie (1979) en al skofften op de TDS printe en nite waard, waarden der ek wer stikjes oer ús doarpen skreaun, mei sa no en dan in stek ûnder wetter. Pibe en Durkje wiene twa fan dy pinnefierders. It duorre net lang doe spilen der ek in Pibe en Durkje mei yn de Hampelprogramma's op de doarpsjûn yn novimber, en ek yn it tinteteäter 'Reduzum omheech' yn 1994. Wat opfalt is dat dizze minsken dat diene ûnder skûlnamme, mar fansels hâldt soks gjin stân. Lang om let wurdt de 'dieder' bekend.

Doe't ik yn 2022 frege waard om krekt as yn it ferline (de tiid fan Pibe en Durkje, ja ik wie ien fan dy twa) stikjes te skriuwen foar de doarpskrante, wie ik gau beret. It is machtich moai wurk en ik hie tiid. Mar ik fyn dat soks yn dizze tiid wol 'iepen en bleat' moat. Der is al safolle 'nep nijs' en der wurdt omraak polarisearre. En wêrom soest dy ferskûlje moatte? Hjoed-de-dei wurde alle stikjes (kollums) ûndertekene! Faaks moat de de nije 'Opmerker' dêr noch oan wenne. Fansels winskje ik dizze nije skriuwer/skriuwster en de rubryk 'Opiny' in protte sukses, mar wol graach út de anonimiteit. Ik ha besletten om net mear alle moannen in stikje te skriuwen. Fansels soe ik noch in skoft skriuwe kinne oer fan alles en noch wat, mar dy útdaging is fuort. Ta beslút noch ien memorabel momint, de wedstriid fan Sportklup Hearrenfean yn Athene tsjin Olympiakos Piraeus fan woansdei 27 septimber 2000. Omdat it stadion fan Piraeus ferboud waard, moast dizze wedstriid yn de Champions League (!) spile wurde yn it Olympysk stadion Spyridon 'Spyros' Louis. Spyros wie in Grykske atleet dy't yn 1896 de maraton op de earste moderne Olympyske Spelen wûn.

Op moandei setten we al ôf nei Grikelân, sadwaande hiene we in dei ekstra. De tiisdeis waard in ekskurzjedei. We hawwe fan alles besjoen, bygelyks it Panathinaiko Stadion. It stadion wurdt ek wol Kallimarmaro (dat betsjut 'moai marmer') neamd en hat in rike skiednis dy't werom giet oant 330 jier foar Kristus. Mei de nedige oanpassingen en ferbouwingen waarden hjir de earste Olympyske Spelen fan 1896 hâlden. Ek it heechste punt fan Athene, de stedstins en letter hillichdom Akropolis, koene we moai besjen. En fansels hawwe we hearlik iten.



Op tiisdeitejûn like it wer in bytsje op 'wurk'. We gongen nei de training fan Foppe de Haan syn ploech. Foar ús, kollega Geert en ik, ek net ûnbelangryk. Koene we moai it paad fine yn it grutte stadion (wêr is wat en wat meie wy) en de apparatuer teste. We ha in pear ynterviews makke en dy trochstjoerd nei Ljouwert. Alles wie sa kreas as in krúsbei.

Hoe oars wie dat op de dei fan de wedstriid. Doe't wy op ús plak sieten wie der gjin ISDN NT1 kastje mear. As der neat feroare koene wy de radioútstjoering wol ferjitte. Wat die bliken? Der moast jild op it kleed komme. As wy in bankgarânsje fan 400 dollar joegen kaam alles klear. Wy koene net oars as dizze smearlapperij te stypjen. En sa hiene wy ús ferbining mei Ljouwert gau wer op oarder.

De thúsploech wûn de wedstriid mei 2-0, troch twa doelpunten fan de Braziliaan Giovanni. It fanatike Grykske publyk wie út 'e skroeven. Us bussjauffeur, alle pratende en skriuwende sjoernalisten waarden mei in bus ferfierd, wie ek spekkeaper. Omdat net ien fan ús de útslach fan de wedstriid goed hie, krige hy de pot fan rom 70 gûne. De twa motorplysjes dy't de bus foar en nei de wedstriid begelieden waarden net ekstra beleanne. Mar wat wiene it dryste jongkeardels. Se makken yn it smoardrokke Athene resolút frijbaan foar ús bus. In lytse moanne letter (op 17 oktober) wûnen de Feansters de thús wedstriid mei 1-0 troch in doelpunt fan Daniel Jensen. It is al wer 25 jier lyn. Wêr bliuwt de tiid ...

Koos Wieling



ITBO

Uw IT Specialist



Ben jij al over naar
Windows 11?

- ✓ Microsoft 365 oplossingen
- ✓ Computeronderhoud en reparatie
- ✓ Computerveiligheid - Anti-virussoftware
- ✓ Hulp op locatie zowel particulier als zakelijk

ITBO
UW IT SPECIALIST
ITBO.NL

itbo.nl

+31 6 37388735

info@itbo.nl

Vragen? Bel of mail ons direct voor hulp!

Puzzelpagina

Voor de decembermaand hebben we 3 puzzels voor jullie in petto: 2 nederlandse en een Fryske puzzle. Met alle 3 de puzzels maken jullie kans op leuke prijzen. Mail de oplossingen van 1, 2 of alle 3 de puzzels vóór 5 januari naar: puzzel@reduzum.com

Prijzen



Japanse vertelkastjes (Kamishibai) en een kaarsenstandaard speciaal gemaakt/gedraaid voor de puzzelprijs door Rijk van Dijk

Puzzel 1

Welke beroepen hebben de volgende mensen?

- | | |
|----------------------|----------------------|
| 1. dr. A.C.W.H. Bant | 7. L. Odia Goor |
| 2. I. Tilapoel Gent | 8. fam. Per Uur |
| 3. A.S. Groot | 9. Iza Peer Orvelte |
| 4. ir. Lijpart Ede | 10. Rene Gaproza |
| 5. H.F. Modessi | 11. Ed Wundock Stein |
| 6. K.F. Choke | 12. U. Merger Best |


Puzzel 2

Zet de volgende beroepen onder elkaar en verschuif de woorden zodanig dat er verticaal een zevende beroep ontstaat:

DROGIST - SLIJTER - MAKELAAR - CHIRURG -
KAPPER - CROUPIER

Puzzel 3

Filipine: de oplossing is in wurd fan 13 letters, fan boppen nei ûnderen yn de griene fakjes.



- | | |
|---|---|
| 1. De hazze en de . . . hawwe op deselde dei âldjier | 8. Giet yn it foar- en neijier 'on tour' |
| 2. Dy't in nij hûs bouwe wol, moat earst . . . telle | 9. Topskoarder World Cup Beach Korfbal |
| 3. Wenfoarm foar senioaren | 10. Topskoarder VV (fuotbalklub) Jirnsum |
| 4. Iisklub Reduzum | 11. Earrebarren en . . . meie graach heech nestelje |
| 5. Dizze saak bestiet 10 jier | 12. Untdek de skiednis fan Reduzum mei dit QR-koade projekt |
| 6. Dizze Redúster fytste yn augustus de Tour for life | 13. Frysk kampioen Fierljeppen by de jonges |
| 7. Yn 1982 leine ús 3 doarpen yn de gemeente | |



Hou je huis koel



Uitvalscherf of knikarmscherf

Onze maatwerkservice

✓ Meten ✓ Maken ✓ Monteren



Rolluiken



Screens

Vrijblijvende offerte

Kom langs in de winkel
of scan de QR-code.



Hubo Grou

Stationsweg 86 - 9001 EJ Grou - (0566) 62 34 63 - grou@hubo.nl - hubo.nl

#Hubohelpt



De Jong & De Wal Bouwbedrijf



- ▶ Woning- en utiliteitsbouw
- ▶ Waterbouwkundige werken
- ▶ Restauratie en renovatie
- ▶ Service-onderhoud

- ▶ Onderhoud en verbouw
- ▶ Badkamer renovatie
- ▶ Tegelwerken
- ▶ WMO-aanpassingen

24-uurs service | zomer-/winterklaar service vakantiewoningen



De Seize 9, Grou Tel. 0566 - 62 1579, info@dejongdewal.nl, www.dejongdewal.nl

Hoi, myn namme is Debby en ik wenje sûnt 2016 yn Reduzum.

Ik bin berne yn it sikehûs fan Ljouwert, mar grutbrocht yn Jellum. Us heit en mem komme fan It Gooi, dus ik bin Hollânsk opfied. Se ferstean it Frysk al, mar prate it net. Nei de basisskoalle ha ik twa jier op Piter Jelles Aldlân sitten en doe bin ik nei de sekretaresse oplieding fan it Nijehove College gong. Nei twa kear it eksamenjier, haw ik noch trije jier op it Friesland College west en doe wie it skoalleproses wol klear.

Yn myn skoaltiid ha ik by de C1000, in broadsjesaak en in slachter wurke. Dêrnei haw ik by ferskillende bedriuwen op de administraasje wurke: by in skildersbedriuw, mar ek yn it betonguod, in gruthannel fan kearsebenedichheden en in tsiismakkerij.

Fan 2007 oant 2016 ha ik yn Mantgum wenne. Ik wurke doe by in akkountantskantoar. Yn 2009 bin ik mem wurden fan Janneke en Trynke. Dat wie in hiele feroaring. De heit fan de froulju wie troch de wike altyd fan hûs, dus kaam de opfieding op my del. Us heit en mem ha my der ôfgrysluk mei holpen. Sa no en dan mochten Janneke en Trynke in nachtsje útfanhûs, sadat mem wat bykoese koe. Nei in houlik fan acht jier bin we mei ús trijen yn 2016 nei Reduzum ferhuze. Doe wie de tiid noch sa goed dat ik mar seis moanne ynskreau stie, doe koe ik al in hûs hiere.

No wurkje ik foar de helte fan 'e wike (16 oeren) by de FUMO yn Grou. Der bin ik begong as frontoffice meiwurkster en no sit ik by de ôfdieling boaiem. De oare helte fan 'e wike (16 oeren) wurkje ik foar Werken in Friesland. Der stypje ik myn kollega's by it organisearjen fan trainingen en eveneminten. Dizze kombinaasje doch ik no krekt trije moanne en ik fyn it echt in hiele leuke kombinaasje.

As frijwilliger fersoargje ik de socials fan de keatsferiening Jan Reitsma. Alles wat op Facebook of Instagram

te lêzen is, ha ik der opsetten. Ek de keatssiden yn 'e Linepraat bin myn kreaasjes. Ynkoarten is ús nije webside klear, dan mei ik dy ek opfolje mei alle ynformaasje foar kommande seizoenen. Derneist sit ik ek yn it jeugdbestjoer. Trynke is fanatyk keatster, dêrtroch is dit sa begong. Hartstikke leuk en in gesellige drokte yn de simmer.



Ik mei Alexander yn de bergen fan Switserlân. Hy is heal Switsersk-heal Hollânsk.

Fan 1 novimber 2024 ôf wenje ik tegearre mei Alexander. Yn 2021 ha wy mekoar kennen leard en no giet it libben hartstikke goed. Ek de froulju kinne it goed mei him fine. Hy bringt as sjaffeur grûnfersetmasines fuort, dêrtroch is hy gesellich eltse jûn thús. No't de ferbouwing fan de bykeuken en de garaazje klear is, kinne we folop genietsje fan it moaie plakje.



Janneke, Trynke en ik by it Hûnekopfestival. Troch M.I.L.F. ha we de Hûnekop dit jier noch twa kear besocht.

A man wearing a green cap and glasses, holding a green plant, with a blurred background of foliage.

T. Velstra

hovenier

info@hoveniervelstra.nl
06 180 666 04

The logo for Transportbedrijf Bakker, featuring the company name in a stylized font with a red swoosh underline.

**Transportbedrijf
Bakker**

Overijsselsestraatweg 6a
9008 TS Reduzum
T 0566-601165 F 0566-601747
info@transportbedrijfbakker.nl

Levering van:

- **Straatzand** • **Speelzand** • **Manegezand** • **Split**
- **Drainagezand** • **Tuingrond** • **Compost** • **Grind**

In elke gewenste hoeveelheid, los gestort of in big-bags

www.transportbedrijfbakker.nl

The logo for Van der Meulen Installatietechniek, featuring three stylized water droplets in green, orange, and blue.

Van der Meulen Installatietechniek

Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68
www.vandermeuleninstallatie.nl
info@vandermeuleninstallatie.nl

Yn dizze Linepraat de lêste ‘Dit bin ik’ fan myn hân

Dirk (Vermeulen) kaam in pear jier lyn mei de fraach at ik dit dwaan woe. Hy hie in pear foarbylden mei hoe’t we dit foarm jaan koene. Mei dit in de efterholle bin ik mar oan de slach gongen.

Iepen fragen stellen, nijsgjirrich wêze, trochfreegje en sa sykje nei aardige ynteressante saken dy’t ferteld wurde. Derneist in pear nuvere fragen sa as: “Ast in bist wêze soest wat foar bist is dat dan”. Mar ek faak de lêste fraach: “Asto de baas fan de wrâld bist, wat soest dan oars dwaan”.

Sa ha ik in protte leuke mominten meimakke. Faaks duorre it petear in healoare as trije kertier. De iene dy praat ek makliker as de oare. Lokkich altyd genôch om ien side te foljen, mar meastal hie ik safolle ynformaasje dat ik echt skrasse moast. Dat wie lestich, want wat lit ik dan stean en welke sinnen helje ik fuort.

Mar it alderleukste wie it entûsjasme fan dizze jeugd. De ferskillen dy’t der wiene wylst se hast like âld binne. De iene hat al in hiel byld fan de takomst en de oare dy’t alles noch iepen hâldt. Elkenien bliid mei wêr’t se wenje en har net yntinke kinne letter yn de grutte stêd te wenjen. De measten dy’t harren dochs wol soargen meitsje oer it klimaat en de earmoede yn de wrâld. Dy’t ek dúdlike ideeën ha oer wat se feroarje wolle yn hoe’t we no mei-inoar en mei de



wrâld omgeane. Wat dat oanbelanget sit it dus echt wol goed mei de jeugd yn en om Reduzum. En dat is moai!

It lêste stikje fan Koos

Al sûnt 2022 skriuwt Koos Wieling alle moannen syn stikje yn de Linepraat. Dêr stoppet er yn it nije jier mei, mar as it sa útkomt, dûkt der fêst noch wolris ‘in stikje’ op.

It is altyd aardich om te lêzen, de ferhalen oer syn jeugd yn it Reduzum fan de foarige iuw, wat er sa



al meimakke hat as sportferslachjouwer by Omrop Fryslân, yn binnen- en bûtenlân en ek de aktuele saken fan de hjoeddeistige maatskippij.

Wy, as lêzers hawwe ús nocht der noch net ôf, mar foar Koos is de útdaging wat fuort. Hy kin altyd nochris ‘taapje’ út syn hurde skiif fan de kompjûter, dêr’t er in protte sportferslaggen, útslaggen en ferhalen op stean hat.

Koos bliuwt by de Linepraat belutsen; sa docht hy de korreksjes yn de (Fryske) oanlevere kopij foardat it pleatst wurdt en giet er troch mei it Sinjaalpetear; dit is sittend wurk en aardich om te dwaan. ‘Menno en ik beprate it net fan te foaren, mar reagearje op elkoars ferhaal en jouwe der sels in eigen draai oan.’ Sa komme we Koos noch geregeld tsjin!

Tige tank foar dyn ynset, Koos!

Yn petear mei Gerrit-Jan Stapensea



Yn de Haedstrjitte op in karakteristike pleats wennet Gerrit-Jan Stapensea mei syn húshâlding. Der is altyd reuring om en achter hûs en wy hawwe dêr ris even om ús hinne sjoen en Gerrit-Jan hat ús ferteld hoe't dit allegear sa ûntstien is.

Wêr en wannear bist berne en opgroeid?

Gerrit-Jan: 'Ik bin berne op in pleats op Tsjointgum by Mantgum, as neikommerke mei trije sussen: Jessy, Joke en Janna. Ik bin ferneamd nei myn beide pakes: Gerrit Stapensea en Jan Posthumus; pake Jan hat op dizze pleats wenne.

Yn Mantgum gong ik nei de legere skoalle en dêrnei nei Frjentsjer, yn waar en wyn op 'e fyts, nei de middenschool. Dêrnei ha ik technysk ûnderwiis folge.

Us heit wie boer op Tsjointgum, mei kij en skiep. Hy is op syn 55e opholden mei melken en is doe oergong op Blonde d'Aquitaines, foar it fleis. En hy hie ek Fryske hynders foar de fokkerij.'

Hoe bist hjir yn Reduzum telâne kaam?

'Op myn 24e bin ik op dizze pleats kaam te wenjen. Us pake en beppe, Jan en Tjet Posthumus binne hjir

begjin 30-er jierren fan de foarige iuw te wenjen kaam. Us mem en har broer, omke Harry, binne hjir opgroeid. Op de pleats hat wol buorkerij west, mar der siet gjin lân by. Letter is der in oare pleats bykaam, dêr't no de famylje Schreiber wennet. Dêr hat ús omke Harry buorke.

Ik fielde my hjir altyd al thúshûs; ha in protte by pake en beppe útfanhûs west, soms in hiele simmerfakânsje. It wie hjir foar my net ûnbekend: we hiene hjir famylje wenjen en hellen wol medisinen foar de kij op by feedokter Terpstra op 'e Trije Romers. Op myn 16e haw ik yn 'e skuorre in âlde 'Kever' opknapt en no bin ik noch mei auto's oan it sleuteljen. Us mem kaam dus út Reduzum en ik fûn it ek altyd in leuk plak. Ik hie mear mei Reduzum as mei Mantgum. By beppe koe alles en hjir wie romte om te knutseljen. Myn susters hiene yn de tiid, dat beppe fan de pleats soe, al in hûs en ús heit fûn my it geskiktst foar dizze pleats.

Ik bin wol in man fan ferhalen; ha nocht oan de skiednis fan de doarpen en it foel my alris op, dat

der in 'ferbining' is tusken Reduzum en Mantgum; der binne noch wol wat minsken, dy't fan Mantgum nei Reduzum en oarsom ferhuze binne, nijsgjirrich no?"



Mei wa wennest hjir no?

'Mei Ingrid Dijkstra, út Grou. Mei myn foarige relaasje haw ik in twaling, Lasse en Ronja, dy't no 18 jier binne en Ingrid en ik hawwe Ymkje krigen, 12 jier lyn. De twaling is hjir ek geregeld; se hawwe beide harren eigen sliepkeamer boppe.'

Hokker oplieding hast dien en watfoar wurk dochst no?

'Doe't ik jong wie, hie ik neat yn 'e holle, gjin berop dat ik wurde woe. It boer-wurden waard my ôfret troch ús heit. Op myn 18/19e haw ik oan it laskjen west en twa jier letter by Bomij, izerhandel en ark, wurke; dêrfoar gong ik 'de boer op', by bedriuwen lâns, troch hiel Fryslân. Dêrnei haw ik myn frachtweinrydbewiis helle en op 'e frachtauto riden, mar dat wie myn wurk net.

Ik haw in 'switch' makke en bin by Tjallingahiem yn Ljouwert oan it wurk gien. Ik hie der gjin 'papieren' foar, mar de direkteur sette allerhanne minsken oan it wurk. Dêrnei ha ik wurke yn de opfang fan minderjierrige asylsikers yn Snits as wenbegelieder en hjir ha ik ek in oplieding yn dien. Dêr haw ik fiif jier wurke. Dizze opfang is letter tichtgien.

Nei dy fiif jier haw ik twa jier yn de krisisopfang (Jeugdhulp Fryslân) by 'Moai Gaasterlân' yn Riis wurke en dêrnei by de dakleaze-opfang yn Ljouwert; dat wie heftich en fûn ik eins net sa leuk. Dat haw ik oardel jier dien, mar woe graach werom nei Moai Gaasterlân en dat is slagge.


Doe haw ik by Jeugdhulp Fryslân yn Ljouwert wurke op in leefgroep mei bern fan 12 oant 16 jier, lichte en swiere 'gefallen', dy't dêr yntern wennen. Dit is wol sa'n 25 jier lyn en ek doe al hiene we te krijen mei drugsgebrûk ûnder de jeugd. Ik ha dêr destiids mei nocht wurke, mar soe dat no net mear wolle. Troch besuniging is it yndertiid sletten.

Doe bin ik oergien nei in 'basishûs' yn Snits, dêr't ik wurke mei jongeren fan 16 oant 18 jier, om harren te learen selsstannich te wenjen. Ek dêr ha ik hiel wat meimakke.

